

# „Op veler verzoek” gjin Frysk by it fierljeppen Winsum

„Op veler verzoek” hat de mikrofoanprater by it fierljeppen to Winsum him sneon fan stiif Nederlânsk bitsjinne. Dat lei him fansels net oan dy tael, mar oan de man, dy’t net wend wie om him der linich yn to uterjen. Nei it libbene, Fryske iepeningswurd fan foarsitter Sj. Span fan it Frysk Ljeppers Boun wie hy yn dy tael mei syn wurk bigoun, mar nei noch gjin fiif minuten wie it al „op veler verzoek zal het commentaar in het Nederlands worden gegeven; vanwege de vele gasten; jammer, maar het kan niet anders”.

In wûnder hoe gau’t de gasten yn organisearre forbân — oars soe net fan „veler verzoek” praet wurde kinne — har winsken oan de man oerbrocht hiene. Hja moatte har yn Winsum wol thús field hawwe. Better as de Frysktaligen, hwant dy koene net ta in „mannichfâldich forsyk” komme ta eare fan har tael. Moast it nou wierliken alhiel yn it Hollânsk en hwat der foar trochgean moast. Hie de man nou net gewoan yn it Frysk fierder gean kind mei sa út en troch in gearfetting yn it Nederlânsk?

Hwa’t himsels weismyt, wurdt fan inoar net opkrige. De man hat dat sneon sels merkbite kind. Als forslachjower frege hy troch de lûdforsterker in sportforlachjower fan de tévé om ek foar de mikrofoan to kommen. Dy bleau lykwols rêstich hwer’t en dêrtroch hwa’t er wie: gjin marionet, dy’t troch in lûkje oan it toutsje de winske maneuveld makket.